

# Skreppe en skriuwe foar it folk

HARMEN WIND

## Histoaryske roman oer Trui Jentink

**Itty Sluis, *Striid sûnder ein. Geertruide Christina Jentink, 1852–1918. Histoaryske roman.*** Utjouwerij Fryslân, Ljouwert 2003. Omslachûntwerp en lay-out BW H ontwerpers. Ynbûn, 464 siden. € 17,50.

47

### FEIT EN FIKSJE

Itty Sluis skriuwt, neffens de ynformaasje fan it FLMD “it leafst fantasyferhalen op ’e grins fan it surrealisme”. Ik frege my yn dat ferbân ôf hoefolle nocht har it krewiekjen oan dizze tsjokke histoaryske roman opsmiten hat. Se hat in bulte neislachwurk dwaan moatten om de feiten boppe wetter te krijen en in betrouber tiidsbyld te jaan. Koe de fantasywrâld syn gerak noch krije?

Yn har ‘Neiwurd’ ferantwurdet se har wurkwize en doel.

Blykber wie it yn oanlis in romantysk idee: dat fan “it famke út Nijlân” mei har “langstme nei in oar libben” en de “wrakseling” dy’t dat opsmiet. Mar se heakket dêroan ta: “Ik ha har libben beskreaun om’t it foar in part ek oer Fryske frouljusskiednis giet, yn de geast fan de tiid: de opkomst fan de arbeidersbeweging, it algemien kies- en stimrjocht. [...] Besocht ha ’k om de tiid sa krekt mooglik te benaderjen, hoewol’t grutte parten fan it ferhaal fansels allinne yn myn ferbylding syn [har? hw] beslach krigen. De plakken yn myn boek binne autentyk Ek de haadpersoan har famylje en de nammen fan guon doarpsbewenners.” De foto’s efter yn it boek beklamje dat wurklikheidskarakter.

Koartsein: Sluis hie in persoanlike oandriuw (it famke mei har langstme nei in oare wrâld) en besleat ta in feitlike útwurking yn it ramt fan it opkommen fan it sosjalisme en de striid foar frouljusrjochten yn Fryslân, mei safolle mooglik autentike boarnen.

It resultaat hâldt de midden tusken in biografy en in kronyk, mar om it ferhaal ‘rûn’ te krijen wie har fantasy needsaaklik, en dat lêste makket it boek, just yn it biografyske part, ta in histoaryske roman. Dat se de beskôgjende, rasjonele kant dy’t needsaaklik wie foar dit sjenre ek hat, docht nammers wol bliken út it feit dat se yn 1994 en 1997 prizen wûn mei essays.

### SKAAIMERKEN FAN DE MODERNE HISTOARYSKE ROMAN

Om *Striid sûnder ein* te hifkjen en te typearjen, wol ik gebrûk meitsje fan in ramt dat ik earder ris jûn ha om de skaaimerken fan de histoaryske roman fan hjoed de dei wer te jaan (‘De takomst fan de histoaryske roman’, *Kistwurk* 1, febrewarje 2001): – ynstee fan op ‘romroftens’ (hannelsûntjouwing, militêre suksessen ensfh.) is de histoaryske oandacht rjochte op it libben sels, it deistige bestean yn in tiidrek;

– de klam leit op autentike persoanen en harren dwaan en litten, yn it iepenbier, mar benammen yn de priveesfeer;  
– de psychyske ynfalshoeke: persoanlike ûntjouwing, identiteit en relaasjes, is fan grut belang;  
– der wurdt eksplisyt brûk makke fan autentyk boarnemateriaal (brieven, deiboekfragminten, juridyske stikken, tiidsdokuminten, ensfh.).

### OPBOU EN OERSJOCH

*Striid sûnder ein* is ferdield as in trilogy, yn trije ‘boeken’: ‘In famke út Nijlân’ (64 siden, 6 haadstikken), ‘In juffer yn Nijlân’ (135 siden, 13 haadstikken), ‘In frou yn Ljouwert’ (240 siden, 25 haadstikken).

Elts nij diel dus sawat in ferdûbeling fan it eardere. Sa falt de klam sichtber op boek III. Dúdlik wurdt al út de titels, dat it libben fan de haadpersoan, Geertruida Jentink, gronologysk folge wurdt.

It earste boek beskriuwt har bernetiid yn de pastorij te Nijlân. Har heit is in striidber liberaal dûmny, dy’t it swier hat mei it behâldende diel fan it tsjerkefolk. Hy set him yn foar it rjocht fan, en ferantwurdlikens foar, de earmen. Syn dochter hat deselde ynholden.

It twadde boek beskriuwt har ûntjouwing oant har tritichste. Se krijt ynsoch yn de maatskiplike misstannen, wurdt fereale op in widner, Lútsen Piersma en rekket swier fan him. Se komt foar har âlden oer te stean en har mem soarget dat se in abortus krijt yn Utert. Under ynfloed fan Waling Dykstra begjint se te skriuwen, yn it *Friesch Volksblad*, en set har yn foar de naai- en breidskoalle yn Nijlân. Ien fan de redakteuren fan it Volksblad is de strider foar sosjale rjochtfeardigens Oebele Stellingwerf, dy’t har in houliksoansyk docht. Hy is fjouwer jier âlder en boppedat blyn. Har âlden binne der poer op tsjin en it pear wachtet oant har tritichste, om’t dan gjin tastimming mear nedich is.

It tredde boek giet oer it striden en stribjen fan Oebele en Trui foar de sosjale beweging en frouljusrjochten yn Ljouwert. Tegearre driuwe se it *Friesch Volksblad*, mei help fan Romkje, syn suster. Geertrui wurdt radikaler, mar famyljekwestjes en stjergefallen spylje der hieltyd ûnder. De Folkspartij, dêr’t se harren foar ynsette, moat it úteinlik ôflizze tsjin de Sociaal-Democratische Arbeiderspartij fan Troelstra. Yn 1899, twa jier nei de dea fan Oebele, wurdt ek it Volksblad opdoekt. Trui bliuwt noch in pear jier warber foar de frouljusrjochten, lit de politike striid slûpe, giet noch gauris op ’en paad as redaktrise fan it *Friesch Weekblad*, en ferhiert keamers oan in ferpleechster en in ûnderwizeres. Se makket earmoedige tiden mei, giet wer nei tsjerke (dûmny Wumkes) en stjert yn 1918.

## TIIDSBOARNEN

De roman koe, sa't ik sei, gjin folsleine biografy wurde, troch it tekoart oan skreaune boarnen. Geertrui hat al har persoanlike brieven yn in strange winter ferbaarnd. Foar in grut part is it boek sadwaande it resultaat fan de ferbylding. Mar wat foarhannen wie, hat Itty Sluis brûkt. En út tiidsboarnen jout se, benammen yn part III, in werkenber byld fan politike en maatskiplike swierrichheden, autentike rjochtssaken, misstannen, de tsjerkestriid (tusken grifformearde/behâldend en frijsinnich/liberaal) en opkomst fan de sosjalistyske beweging. Dêrby giet it ek om kopstikken as Waling Dykstra, Multatuli, Aletta Jacobs, Troelstra, Domela Nieuwenhuis, Bruinsma, Van Eck ensfh. De lêzer krijt in nijsgjirrich tiidsbyld.

## KRITYK

Ik ha lykwols al krityk op de roman. Fjouwer aspekten dêr't neffens my wat oan mankearret, wol ik koart bylânsgean: de wijdweidigens, it fertelperspektyf, de karakterûntjouwning en de petearen.

### *Wiidweidigens*

Sluis jout tefolle bykomstichheden dy't net bydrage ta de karakterfoarming of de tematyske ûntjouwning: sa duorret de reis fan Geertrui fan Nijlân nei Terwispele sânen, it houliksfeest fan har suster tsien. Se hat in ferteltrant keazen dy't typysk njoggentjinde-ieusk is en dus âldmoadrich oerkomt: oan it foarstellingsfermogen fan de lêzer wurdt net folle oerlitten, beskriuwingen en ferslaggen binne sa folslein dat er him faak oan de hân naam fielt en by de kûlisen lâns late, wylst it stik trochspilet en hy it sicht op it téma kwytrekke. As 'couleur locale' en ferhaalramt binne sokke sênes net oerstallich, mar se hiene koarter om 'e hoeke moatten en mear ferfrissele mei it ferhaalbarren en de psychologyske ûntjouwning fan de haadpersoan(en).

It slagget Sluis ek net alhiel om feitemateriaal (krantestikken ensfh.) en libbensferhaal te yntegrearjen. It bliuwt tefolle auteursynformaasje, streekrjocht om de lêzer op 'e hichte te bringen. Sa seit Andries (har healbroer): "No, dan sil 'k in lytse útlis jaan hoe'turf makke wurdt." (s. 99) De lêzer krijt, tegearre mei Geertrui, in hiele útstalling: bonkierde, splitting, de klyn yn de bok, de spitter, de minger en de brij, it earste spoar op 'e rûchte, de bûgel en de jutte, de trekkers mei de klynboar, de krimp, de trapersbuorden, de polskes, de kantskeppe en it peil, it traapjen fan de roede, it útklauwen mei de krabber, de stevelsknecht en de trekkerstinte. Alderferskuorrendst nijsgjirrich allegearre, mar my dochts krekt wat te skoalmasterich, te wijdweidich en spesjalistysk. Dat-sykje-wy-op-ynformaasje.

Neffens my hie de roman wûn oan djippte en oertsjûngingskrêft as Sluis har wat mear beheind hie. *In der Beschränkung...* Dat bedoelde Vestdijk ek mei syn útspraak: 'Skriuwe is skrasse.'

### *Fertelperspektyf*

Sluis brûkt it perspektyf fan de alwittende ferteller. It hie better west om it 'point of view' by Geertrui te hâlden. Foar de lêzer

jout in personaal perspektyf (alles wurdt besjoen troch de eagen fan dy persoan en allinne syn of har tinzen en gefoelens komme streekrjocht foar it ljocht) in bettere identifikaasje. No komme der (fral yn it begjin) hiele stikken foar bûten Geertrui om, bygelyks om de earmoedige tiid en de posysje fan de heit te sketsen, wylst dat bewustwurden no just út it bern wei sjoen nijsgjirriger west hie. Boppedat hie har eigen ûntjouwning better te folgjen west.

Ek letter binne der noch foarbylden: nei har heit syn ôfwizing fan it houlikssoansyk fan Oebele ferlit de ferteller Geertruida en har âlden en lit de lêzer mei Oebele nei Ljouwert reizje, belûkt him yn syn prakkesaasjes en makket him tsjûge fan it petearke tusken Oebele en Romkje. It hâlden en dragen fan Geertrui tsjin har heit en mem oer is krekt op dat stuit folle wichtiger, mar dêr bliuwt de lêzer bûten.

Wy leare har net echt fan binnenút kennen. De kamera bliuwt meastentiids wol op har rjochte, mar echt ynsoch yn har geastlike wrâld krije wy net. Dat hat syn wjerslach op:

### *Karakterûntjouwning en typearring*

Op side 107 wurdt Geertrui al "de ingel fan Nijlân" neamd. Se hat de meifielende ynslach en it rjochtsgefoel fan har heit. Mar út neat docht bliken dat se ek ûndernimmend is en dieden doart te stellen. As se swier wurdt fan in boere-arbeider (Lützen) nimt mem har mei nei Utert foar in abortus. Ien kear akselt se tsjin, mar dan lit se it allegear oer har komme. Mem: "Do bist trijentweintich jier, do hâst neat te wegerjen!" Dêr spilet yn mei dat in arbeider te min foar har is. Heit hâldt him yn dy hiele kwestje blakstil.

Yn it petear mei heit oer it houlikssoansyk fan Oebele heart se de ôfwizing swijend oan. Hoe kin se in "rebelske dochter" neamd wurde? Oebele: "Do moattst dyn âlden respektarje. Hawwe dy net de plicht om tefoaren te kommen dat der eat stikken giet yn in berneheit?" Se is dan 27! Trui fersuchtet: "Ik skyn fjochtsje te moatten, altyd en ivich fjochtsje." Hokker striid hat se op dat stuit levere? In ferkearde feintekar, in stikje yn de krante oer behâldende dûmny's, koart hier en gedoente mei har âldelju oer har trouplannen mei in bline man – sa'n slachtfjild mei hast húslik hjitte.

Ynstee fan striidber komt Geertrui yn de earste helte fan de roman earder stikem oer. Se stiet har âlden net. Diskusje komt net foar. Yn It Frysk Folksblêd skriuwt se ûnder skûlnamme (Q), se rjochtet har nei Oebele en giet mei yn syn klassestriid. Fan har striid foar frouljusrjochten komt ynearsten ek net folle op 'e hispel. (Dûmny Jentink wurdt presintearre as in hoeder fan de earne bidders, dy't him keart tsjin it ûnmeilydsume belied fan de steile tsjerkfâdij, mar yn de kar en de striid fan syn dochter stiet er earder foar har oer as oan har kant en ta in yngeand ûnderhâld oer de kwestje komt it net.)

Pas op side 312, nei goed twatredde fan it boek, wurdt har ynset hookstrooks aktiver: se giet út te sprekken, doart diskusjes mei de seal oan. Hommels is it út mei har hearrigens. Se kritisearret har man omraak mei syn "hakkelen" op gearsitten en nimt distânsje fan Troelstra ("frouljusgek"). Lykwols... as dy op



ITTY SLUIS SINJEARRET TEAKE  
OPPEWAL SYN EKSIMPLAAR FAN  
STRID SUNDER EIN. (FOTO ARGYF  
AFUK)

besite is, hâldt se har trochstrings katoen. Oebele neamt har winliken noch hieltyd “famke”. Nei syn dea giet se al gau út de polityk, dy’t har eins altyd wearzge hat.

Foar my wurdt Geertrui net alhiel in ‘rûne’ persoanlikheid. De striidbere ynset dy’t de titel suggerearret wurdt neffens my net wiermakke. It liket hast of wol Sluis har haadpersoan oanfiterje, as se har yn har typearring fan har eigen famylje (dy’t seit dat heit en mem neat neilitten ha) yn ‘e mûle leit: “rosmos, rakmak, hakmak!” en letter, oer in plysjekommissaris: “se moatte him de poaten brekke!” Dat komt lykwols keunstmjittich oer. Geertrui is in frou foar wa’t soargjen eins wichtiger is as striden. Se hat mear Florence Nightingale- as Jeanne d’Arc-bloed. Dêr is op himsels neat op tsjin, mar it rint tefolle troch elkoar yn de presintaasje. In Jeanne Nightingale ‘wurket’ net.

Ek it feit dat se har hiele libben lang bekend stean bliuwt as ‘it krantewyfke’ relativearret har striidberens.

#### *Petearen*

In wichtich middel om de persoanen ta libben te bringen en psychologyske eigenens te jaan leit yn de petearen. Elkenien utert him op in eigen wize. Dialogen binne yn dizze roman rynsk siedde, mar se wolle net waakse en frucht drage. Samar in foarbyld. Ik slaan it boek iepen op side 51.

Tryn (de faam) bliuwt op bêd, want se is siik. Mem prottelt, wylst heit efter har oan nei ûnderen komt en seit: “Do moast mar eefkes by Tryn sjen, Christina, dan doch ik de gerdinen op.” Tsjin Geertrui, seit mem efkes letter:

“Tryn is siik, koartsich.”

“Is ‘t slim?”

“De siken lizze har sa swier.”

“Go, hoe kin dat no?”

“Ja, wisten wy dat mar, dan wie ‘t ek net sa’n keunst om de minsken wer better te meitsjen.”

Heit sit ûnwennich by de tafel, hy kin noch net ite.

“Dokter moat by har sjen, Geertrui. Wolsto it boadskip dêr bringe?”

“Ja, heit, ik gean fuort hinne.”

Soksoarte hinne-en-werkes komme tefolle foar. Minsken prate in soad mar sizze net folle. Se ‘yndividualisearje’ net. Foar de measte uterings binne de sprekkers ferwikselber. Sadwaande bliuwe de karakters oerflakkich.

#### KONKLUZJE

Hingje ik de boppeneamde ‘skaaimerken’ derefter, dan konkludearje ik: De klam leit yndie op it libben sels. De kopstikken yn de sosjalistyske beweging wurde wol opfierd, mar bliuwe byfigueren. It giet om it gewoane libben fan gewoane minsken, mei har idealen en frustraasjes. Fan heroïsme is gjin sprake. Geertrui en Oebele wurde presintearre as yntegere, tawijde minsken.

De wichtichste persoanen, plakken en barren binne histoarysk/autentyk. Figueren komme foar it ljocht yn de priveesfear, mei al har lek en brek. Sa komme bygelyks Willem Kloos (dy’t oan it ferhaal winliken net folle by te setten hat) en

Piter Jelles Troelstra net botte ‘sympatyk’ út ’e ferve en wurdt ‘famylyeskande’ (bygl. de abortus fan Geertrui, dêr’t ik my trouwens fan ôffreegje oft dy net út de fantasy fuortkomt) net mijd. In realistysk byld dus. (De slachterssêne op side 218 is ek tige plastysk werjûn.) En de fotorige efteryn stipet de autentisiteitssuggestje.

De psychyske ûntjouwing is sûndermis fan grut belang, sjoen de opset fan de roman: de haadpersoan wurdt fan berte ta dea op ’e foet folge. Dochs sit dêr neffens my in swak stee: net allinne Geertrui, mar ek oare persoanen, krije wol fleis en bloed, mar te min ‘siel’, se komme net alhiel konsistint oer en bliuwe yn harren omgong mei elkoar (petearen) te ‘flak’.

De auteur hat in soad ûndersyk dien en rynsk gebrûk makke fan ynformaasjemateriaal. Krantestikken fan de hân fan Geertrui binne (nim ik oan) oernaam, deiblêdnis fan doedestiids is werjûn en útwurke en wurkomstannichheden, seden en gewoanten binne beskreaun. Myn beswier is, dat hjir fan in oerlading sprake is, en dat de ynformaasje te belearend jûn wurdt, sadat it ferhaal, en benammen it opbouwen fan de spanning en de persoanlike ûntjouwing, dêrûnder ljit.

*Yn jo is in heltinne fan ús nommen*, dichtet D. Kalma Geertrui ta yn syn neitinssonnet. Mar neffens my is it typearjend dat ek it byld dat hy yn dat fers fan har sketst earder dat fan tawijing is as fan striidberens:

*’k Ha, jong, foar ’t folk gâns skrept en skreaun; myn jûn  
besiikje ik goeds te dwaen, safolle ik kin;  
’k Hâld fan ús wrâld, ús earmen en myn blommen.*

Dat it hâlden fan earmen en blommen winliken ek net alhiel kouster oerkomt, dêr kin Itty Sluis neat oan dwaan, al makket se ús witoefaak tsjûge fan it ompakken mei geraniums. ■

Eind januari verschenen in de *Leeuwarder Courant* enkele reacties op het boek *Striid sûnder ein* fan Itty Sluis over Trui Jentink. Deze historische roman wekte in de eerste plaats de woede op van neef Carel Jentink. Sluis heeft de goede naam en faam van deze burgerlijke familie kennelijk besmeurd door haar karakterisering van Trui. Maar meer nog dan aan deze karaktermoord stoort Neef Carel zich aan de ‘absurde’ suggestie van Sluis dat Trui Jentink ooit een abortus zou hebben ondergaan. De interessantste zinnen komen echter aan het slot van zijn pleidooi: “Als mevrouw Sluis een romannetje had geschreven”, zegt hij, dan had hij er geen moeite mee gehad, maar omdat in het boek namen voorkomen van historische figuren en omdat de auteur een literatuurlijst in haar boek heeft opgenomen “lijkt het net of ze een standaardwerk heeft geschreven”.

Een dag later krijgt Neef Carel steun uit onverdachte hoek want LC-redacteur Pieter de Groot is eveneens van mening dat Itty Sluis de abortus niet had mogen verzinnen. Hij beweert dat een historische roman slechts dán waar gebeurde feiten mag vermengen met een gefantaseerde werkelijkheid, als dat “uit afgeleide, secundaire bronnen aannemelijk wordt gemaakt”. Zijn referentiekader is hier Tineke Steenmeijer’s roman *De oare helte* (1997), waarin blijkbaar keurig wordt voldaan aan deze pseudo-wetenschappelijke eis. De feiten manipuleren mag blijkbaar, mits dat maar gebeurt binnen de zogenaamd algemeen aanvaarde termen van wetenschappelijkheid. Die abortus is voorts geen “steekhoudend argument” voor het kinderloos gebleven huwelijk van Trui Jentink en Oebele Stellingwerf zegt De Groot: “voor hetzelfde geld had ze verzonnen dat Oebele in zijn jeugd de bof heeft gehad”.

Ook hier echter, net als in het stukje van Neef Carel, zit het venijn in de staart. Want Pieter de Groot had Itty Sluis deze beledigende daad van literaire verzinsels of wetenschappelijke lichtzinnigheid kunnen vergeven als ze haar boek geen historische roman had genoemd, maar een “gefantaseerd levensverhaal”. Wat dat precies is weet ik eerlijk gezegd niet, maar De Groot verwijst in dit verband naar Rink van der Velde’s boek over Salomon Levy.

Ik vind met name de reactie van De Groot teleurstellend. Hij hangt naar mijn overtuiging een wel heel particuliere definitie aan van een ‘historische roman’ en zet daar dan een voor mij geheel nieuw genre tegenover: het gefantaseerd levensverhaal. Zoals Neef Carel, met wie De Groot wel meevoelt, er een ‘romannetje’ tegenover zet.

Nu zou ik deze miskleun van beide heren eenvoudig kunnen rechtzetten door een definitie van het begrip historische roman te citeren uit het *Lexicon van literaire termen*, of door te wijzen op Hella Haasse die vijftig jaar geleden in *Het woud der verwachting* (1949) al niet werd “geplaagd door de onverzoenlijkheid van echt-gebeurde en verzonnen feiten”. Maar mijn punt is dat het er tot op zekere hoogte helemaal niet toe doet of Sluis een ‘romannetje’ heeft geschreven, een historische roman, een standaardwerk of een gefantaseerd levensverhaal. De roman heeft al honderdvijftig jaar een problematische verhouding met de